



## **Notulen jierfergadering + ynfo MG op 22ste fan de hjerstmoanne**

mei folslein bestjoer en Ruben Mulder en Nico Klaver as leden

Nei it wolkom fan de foarsitter en de fêststelling dat de notulen fan de foarige gearsit goedkard binne kaam de siktaris oan it wurd oer it jierferslach.

Dat wie gjin sukses fûnen net allinnich de oanwêzige leden mar ek de skriuwer sels.

It stik liende him net om yntegraal foarlêzen te wurden. Dat hie de skriuwer wat te let yn de gaten. Hij hie wat mei de tekst boartsje moatten of hielendal net presentearre moatten sa't yn earste ynstânsje syn bedoeling wie...

Yn elts gefal is no besletten om tenei it jierferslach yn it foar op de side te setten om it op de fergadering te bepraten.

De skathâldster ek wol ponghâldster neamd krych bij monde fan Wim Venema, goedkarring fan de kaskommisje foar har finansjeel ferslach.

Nei dit part fan de jûn skikten foar de ynfo neist Wim noch Henk de Boer, Leen van Hofwegen, Rutger Fopma, Jeltje Koopman en foar Ecoop Michel Hania oan.

Alles wat mei it sinnedakprojekt, neamd Sinnewiel, te meitsjen hat en ek werom te finen is yn it ynfoboekje, waard op saakkundige wize presenteard troch Michel.

Op fragen út de seal joech hy, oanfuld troch it bestjoer, de nedige dúdlikheid.

Benammen wied'r betizing oer partisipaasje en paniel.

De ca.180 panielen fan ca. 360 kWh/jr. wurde kocht troch MG en betelle troch de ca. 200 partisipaasjes fan 300 kWh/jr.

Je kinne fan in slagge jûn sprekke om't d'r foarearst oan 80-82 partisipaasjes tocht wurdt.

Jochum Rypma